

Dr. O. Noordmans oer it frjemdlingskip – in toanbyld fan dualistysk tinken

dr. Jan Dirk Wassenaar

Ynlieding

Twa kear earder is in ferliking makke tusken Obe Postma en Oepke Noordmans. Yn 2012 publisearre Herman Paul it artikel ‘Rickert in Nederland’ oer ‘sporen van neokantiaanse geschiedfilosofie’. Neffens de skriuwer meitsje de mieningen fan Postma en Noordmans dúdlik dat de Dútske filosoof yn ús lân hiel ferskillend wurdearre is. ‘Gold hij voor de één – dat is Noordmans – als een verlosser, de ander – dat is Postma – zag in hem een verrader.’ My tinkt dat Noordmans it mei de kwalifikaasje ‘verlosser’ net iens wêze soe. Hy hat Rickert grif net oanbidden. Wol is wier wat de auteur deroan taheakket: ‘Terwijl ethische theologen het neokantiaanse denken ervoeren als een bevrijding uit de knellende banden van een naturalistische wereldbeschouwing, hadden empiristen rond Heymans in de Heidelbergse filosoof hun vijand gevonden.’ Paul hat dat saakkundich oantoand. Yn 2015 ferskynde in artikel fan myn hân yn *Wjerklank* oer de fyzje fan Postma en Noordmans op it Fryske lân en it Fryske libben. Wat Postma oanbelanget, beheinde ik my ta de gedichten yn de earste edysje fan *Fryske lân en Fryske libben*, wat Noordmans oanbelanget wie de lêzing ‘Lân en Libben’ myn útgongspunt. Se binne fan itselde jier, 1918.

No dan de tredde ferliking. Geart van der Meer en ik wolle de libbensskôging fan Postma en Noordmans foar it ljocht helje. Ik sil dy fan Noordmans op it aljemint bringe. Dat doch ik nei oanlieding fan it begryp ‘frjemdlingskip’, dat yn syn wurk in wichtich plak ynnimt. Yn 2013 kaam myn boek *Vreemdelingschap. Historische en hedendaags stemmen uit kerk en theologie* út. Dêryn jou ik gâns omtinken oan de posysje fan Noordmans. Op 18 juny haw ik op de Noordmans Studiedag yn Amsterdam in lêzing holden oer ‘Noordmans en de vreemdelingschap’. Der wie doe noch in sprekker: Laurens ten Kate, filosoof en teolooch, universitêr dosint godstsjinstfilosofy en religystúdzjes oan de Universiteit voor Humanistiek yn Utert en senior fellow oan de Faculteit Theologie fan de Vrije Universiteit Amsterdam. Hy sette it begryp ‘frjemdlingskip’, troch Noordmans bibelsk en kristlik ynfolle, yn in algemien filosofysk ramt. Dat wie hiel nijsgjirrich. No mar hoopje dat de spesifike ferliking Postma – Noordmans ek wat opsmite sil!

Yn myn boek gean ik earst nei wêr’t en hoe’t it begryp ‘frjemdlingskip’ yn it Nije Testamint foarkomt, benammen yn de earste brief fan Petrus. Aldtestamintyske en Joadske teksten stel ik yn retrospektive gearhing dêrmei oan ’e oarder. Ik bin oars net de earste dy’t ûndersyk nei frjemdlingskip yn 1 Petrus dien hat. John H. Elliott (in Amerikaan), Reinhard Feldmeier (in Dútsker) en Torrey Seland (in Noar) hawwe der alle trije in mânske monografy oer skreaun. Wy soene it respektifyflik oer in sosjologyske, in teologyske en in filosofyske ynfalshoeke – de lêste foaral fan Philo út – hawwe kinne.

De skriuwer fan de earste brief fan Petrus hat frjemdlingskip ta kaaibegryp fan de leauwige eksistinsje yn de maatskippij makke. Foar him is frjemdlingskip benammen in teologyske kategory: de relaasje mei God is foar kristenen,

‘frjemdingen en tydlike bewenners’ (1 Petr. 2: 11), de kearn fan it bestean. Wichtich is ek dat mei it kristen-wêzen in eskatologyske libbensrjochting jûn is. Leauwigen sjogge út nei in erfenis yn ’e himel (1 Petr. 1: 5). Mar oars as yn ’e brief oan de Hebreërs is frjemdlingskip yn 1 Petrus net rjochte op it byld fan in himelsk plak yn ‘geografyske’ sin, in stêd of in heitelân’ (Hebr. 11: 10,14-16). It giet yn de earste brief fan Petrus mear om de gedachte dat it folk fan God yn de diaspora tahâldt, fersille is (1: 1), ûnder de heidenen wennet (2: 12). Kristenen binne ‘frjemdingen en tydlike bewenners’ yn de wrâld om har hinne, foarearst is dat har plak. Se binne ree om har tsjin de bûtenwacht oer te ferantwurdzjen (3: 15). Op grûn dêrfan soe men sizze kinne dat frjemdlingskip yn 1 Petrus net allinnich in teologyske en in eskatologyske, mar ek in ekklesiologyske kategory is.

It ferskil yn ynfalshoeke tusken frjemdlingskip yn de earste brief fan Petrus en yn de brief oan de Hebreërs is komselden eksplisyt makke. Hast altiten binne de teksten op ien bult smiten. By A. van de Beek is it ûnderskied wol te finen. Hy seit dat it byld fan frjemdingen en tydlike bewenners oars is as dat fan pylgers. By frjemdlingskip leit de klam op net-thús-wêze: frjemdingen hearre der net by, tydlike bewenners hawwe gjin eigen plak. Dêrfoaroer is it libben fan pylgers primêr tekene troch har doel. Se witte wêr’t se hinne geane.

It ferskil tusken oan ’e iene kant frjemdingen en tydlike bewenners (de earste brief oan Petrus) en oan ’e oare kant pylgers (de brief oan de Hebreërs) moat nei myn betinken wol yn it each hoden wurde, mar ek net oerdreaun wurde. Men is net it iene of it oare. Wa’t ûnder it motto ‘Hier beneden is het niet’ op ’e himel rjochte is, sil yn dizze wrâld gau as ‘in frjemde ein yn it bit’ jilde. Wa’t him ûnder it motto ‘Gij geheel

anders' (Ef. 4: 20) fan de bûtenwacht ûnderskiedt, sil yn dizze wrâld gau as in himeling sjoen wurde.

Underwilens binne der wol aksintferskillen. Dy sjocht men ek yn de tsjerkeskiednis. Yn dat ramt lit ik witte dat in libbenshâlding fan pylgers gauris it gefolch hie dat dizze wrâld as in plak fan in ûneigentlik bestean sjoen waard. Dat is yn de earste iuwen fan it kristendom gauris bard, letter ek ûnder de dopersken en de mennisten en yn de bewegingen fan it puritanisme en it piëtisme. It komt oars noch hieltiten foar, yn de rûnten dêr't se it graach oer befining hawwe, oan de rjochterside fan it tsjerklike spektrum. As men de niisneamde fersen út de brief oan de Hebreërs mei in filosofyske bril op lêst, kin men tinke dat 'ontwereldliking' foar kristenen it biedwurd wêze moat, mar de earste brief fan Petrus jout dêr yn alle gefallen gjin oanlieding ta. Neffens de skriuwer fan 1 Petrus moatte kristenen net út de wrâld flechtsje; it moat sa wêze: yn har libben op dizze ierde sil it ûnderskied mei de wrâld sichtber wurde. Yn dat ramt lit ik witte dat tsjintwurdich mear en mear oer de tsjerke as kontrastmienskip praat wurdt. Der kin dan tocht wurde oan minsken as Stanley Hauerwas, James Kennedy en Stefan Paas.

Hawar: by Noordmans komt men de beide aspekten fan frjemdliingskip tsjin. It byld fan frjemdlingen en tydlike bewenners (it aspekt fan net-thús-wêze) en it byld fan pylgers (it aspekt fan in-doel-foar-eagen-hawwe). Hy ferwurdet dat earste op in hiel eigen wize. Dêr sil ik it benammen oer hawwe, oer dy twa aspekten by Noordmans. Mar no al heakje ik dêr wat oan ta, as 'foarútsjoch'. Oan 'e ein fan myn bydrage freegje ik omtinken foar guon útspraken fan Noordmans dy't oan de eksistinsjefilosofy besibbe lykje te wêzen. Se steane yn brieven oan syn bern yn 1944 en 1945, oer de ûnwissichheid en it sinleaze fan it minsklik bestean. Om der alfêst in bytsje yn te kommen it folgjende. Hy skriuwt in kear: '(...) alles is

onzeker. Vreemd dat men in zo'n onzekerheid leven kan. Ons leven schijnt er op te zijn aangelegd. Als wij alles wisten zou het misschien geen leven zijn. Dat was misschien de dood. Vandaag en morgen hetzelfde. Leven is telkens een nieuwe dag. Daarbij hoort geloof, want geloofsvertrouwen is aannemen wat men niet ziet en niet heeft en niet wil en niet kan en niet kent. Vreemd is zo'n bestaan en toch zal dit het leven zijn. Tenminste ons leven.'

Frjemdlingskip

Noordmans bringt frjemdlingskip benammen yn ferbân mei de aartsfaders. Mar al earder wie der in man dy't in frjemdling wie: Henoch. Yn in preek neamt Noordmans him 'de vader van alle mystieken, wier leven opgaat in de beschouwing Gods, totdat het aards omhulsel hun ontglijdt, en ze zacht ingaan in de heerlijkheid.' Mar hy tsjut him ek oan as 'vreemdeling te midden van een krom en verdraaid geslacht (Fil. 2: 15)', 'te midden van de grote wereldkermis.' Men sjocht hjir de beide aspekten fan frjemdlingskip.

Om op de aartsfaders werom te kommen, in sitaat út 'Preek Genesis 28: 10-19' oer Jakob: '(...) daar gaat hij dan naar den vreemde, zonder have, zonder verwanten, zonder God ook, naar hij meent.' 'Hij acht dat op deze vreemde bodem God hem niet zal kunnen helpen, en zie, de Here staat zelf in de droom voor zijn aangezicht en verhoort hem.' 'De christenreiziger. Land der vreemdelingschap. Maar daarom kan hij getroost worden. Daarom ziet hij niet alleen naar beneden, niet over de vlakte, maar naar boven.'

Bringt Noordmans frjemdlingskip benammen yn ferbân mei de aartsfaders, yn de meditaasje 'Uitzicht en dood' oer de begraffenis fan Mozes seit er: 'Ook voor Mozes blijft het waar, wat de Brief aan de Hebreërs van de aartsvaders zegt: 'Deze allen zijn in het geloof gestorven, de beloften niet

verkrege habbende, mar hebben dezelve van verre gezien en omhelsd, en hebben beleden dat zij gasten en vreemdelingen op de aarde waren' (Hebr. 11: 13).'

It is wol dúdlik: neffens Noordmans moatte wy wer witte dat wy 'kinderen des hemelsen Vaders' binne, lykas hy yn de 'Preek Klaagliederen 3: 22' seit: 'dan komt het zwaartepunt niet te vallen in deze wereld, maar in het Koninkrijk der hemelen. (...) Vreemdelingen en bijwoners zijt gij, zegt de bijbel (1 Kron. 29: 15; Ps. 39: 13) – zoals Abraham in Kanaän – die een ander vaderland zoeken. Christus' koninkrijk is niet van deze wereld (Joh. 18: 36)' De oare kant fan de saak neamt Noordmans in de 'Preek Handelingen 28: 15'. Dêryn is de frjemdling dejinge dy't der bûten stiet, dat is te sizzen: bûten Kristus' keninkryk: 'Wat hebt ge eraan, wanneer ge in deze wereld de pinnen zo vast mogelijk in de aarde slaat en straks als een vreemdeling en verweesde op 't strand der eeuwigheid moet staan?'

It aspekt fan 'net-thús-wêze' komt mear yn byld yn de meditaasje 'Gods gasten' over Psalm 39: 13; yn de Steate-oersetting: 'Hoor, Here, mijn gebed, en neem mijn geroep ter ore; zwijg niet tot mijn tranen; want ik ben een vreemdeling bij U, een bijwoner, gelijk al mijn vaders.' Yn dy oertinking giet it de skriuwer om it folk Israel as gehiel. Yn oansluting oan Leviticus 25: 23 beskriuwt er it as in folk sûnder lân, mar by God. Dêrby tinkt er ek oan it Joadske folk yn syn eigen dagen.

Pylgergong

Sa njonkelytsen is wol dúdlik wurden dat frjemdlingskip by Noordmans net allinnich te krijen hat mei 'in-doel-foar-eagen-hawwe'. It is mear as in kwestje fan eskatologysk tinken. It aspekt fan 'net-thús-wêze' kriget by him ek omtinken. Wol is

it sa dat it aspekt fan it útsjen nei de takomst fan de Hear by him oerhearsket.

Benammen de bondels mei meditaasjes dy't Noordmans yn syn lêste libbensfaze skreaun hat, hawwe in sterk eskatologysk aksint. H.W. de Knijff skriuwt dêroer: 'Tegenover een ten ondergang gedoemd tijdelijk leven treedt de door Gods historie ingezette werkelijkheid der eeuwigheid. (...) Nu is er waarlijk ruimte voor hoop; nu kunnen zelfs de vaagste vermoedens heenwijzing zijn naar een toekomst, die voor harde bewijzen onaantoonbaar blijft. Eerst nu kan men de mens zien als een wezen dat een weg gaat met een doel: een pelgrim is hij in de eerste plaats.' Mei dy lêste sin ferwiist de skriuwer nei Noordmans' oertinking 'De pelgrim' oer Mattéus 4: 20, oer Petrus as de folger, de pylger. Yn de ynlieding fan de meditaasje set Noordmans de pylger foar de wurkmaster en de keunstner, de *homo faber* oer. De pylger neamt er de swakkere kant fan it bestean. Mar dy sil it wol it fierst bringe. Noordmans leit in ferbân mei de gemeente fan Jezus Kristus as pylger op ierde. Yn dat ljocht is al it oare bykomstich en negatyf. 'Van al haar evenwichtigheden, voorzichtigheden, handigheden bekeert zij zich telkens weer in één ogenblik, als zij de schrede doet.'

Sa't yn de foarige paragraaf op it aljemint kommen is dat Noordmans it begryp 'frjemdlingskip' mei de kristlike gemeente yn ferbân bringt, sa is yn dizze oan it ljocht kommen dat er dat ek mei it begryp 'pylgergong' docht. Yn de lêzing 'De kerk in de wereld' seit er dat de tsjerke yn de wrâld en dochs eigentliken net yn de wrâld libbet: 'Zij is er boven uit. Zij kan ook nooit weer geheel in de wereld opgaan. *Abraham, Izaäk, Mozes*, zij waren gasten en *vreemdelingen hier op aarde*. Zij zochten een ander vaderland. Zij waren niet helemaal trouw aan de aarde.' Foar de tsjerklike praktyk betsjut dy gedachte dat de tsjerke neffens Noordmans nea –

nei it foarbyld fan politike lichems – in plan foar fiif jier opmeitsje kin. Hy fynt it ek nuver as de tsjerke advizen oan it regear jout. Yn de bydragen yn de subrubryk ‘Naoorlogse hervatting van de strijd. Confrontatie met H. Kraemer en de theologie van het apostolaat’ yn diel 5 fan syn *Verzamelde Werken* skriuwt er dêr mear oer. De fraach dy’t dêrby steld wurde kin, is dizze: hat Noordmans al foar eagen hân wat J. van der Graaf ‘het bankroet van de apostolaatstheologie’ neamd hat? De foaroanman fan de Gereformeerde Bond wie fan betinken dat dy teology de ‘verwereldliking’ fan de tsjerke befoardere hat, omreden dat maatskiplik engaazjemint foarop stie. Yn alle gefallen hat Noordmans al folle earder sein dat de tsjerke dochs eigentliken net yn ’e wrâld libbet. Yn de meditaasje ‘Ons aller moeder’ neamt er har ‘een anachronisme’. Hy bedoelt dêrmei dat de tsjerke wat fan it ivige oan har drage moat: ‘De kerk en het Evangelie passen nooit geheel in hun tijd. Te vroeg voor de hemel en te laat voor de aarde; de kerk geeft zich nooit geheel aan de wereld en kerk en cultuur gaan nooit geheel samen. Wanneer de wereld aan de kerk voorbijgaat, de schouders over haar ophaalt, haar achterlijkheid en onwennigheid of haar wissels op de eeuwigheid bespottelijk vindt, dan behoeft ze zich daarvan niet altijd alles aan te trekken. (...) Wanneer wij dit karakter aan de kerk zouden willen ontnemen en haar geheel willen actualiseren, haar met haar belijdenis, gebed en gebod gelijkschakelen met de eisen van de dag, dan zou zij niet meer de stehoudster op aarde kunnen zijn van het hemelse Jeruzalem dat een soevereine macht heeft over de tijd. (...) Door de kerk zijn wij ‘medeburgers der heiligen en huisgenoten Gods’ (Ef. 2: 19).’

Ik gean noch efkes djipper yn op de tsjerke as anagronisme by Noordmans: se libbet dochs eigentliken net yn ’e wrâld. Yn de ‘Preek Efesiërs 2: 19-22’ hat er it oer ‘een

verlossing uit de toestand van vreemdelingschap en 'bijwoning' en oer 'al de heiligen', dat is te sizzen 'al diegenen die door het geloof van God ontvangen hebben ware gerechtigheid en heiligheid, die zich hebben laten bekleden met datgene, wat ze zelf misten; die in de gemeenschap der liefde en des geloofs met Christus verbonden zijn geworden, zodat God hen als één plant met Hem wilde beschouwen (vgl. Rom. 6: 5), en hen heiligen noemen'. Wa tinkt dan net oan de tsjerke as kontrastmienskip? My tinkt dat Noordmans dochs muoite hawwe soe mei dy kwalifikaasje. Hy soe him tsjin it programmatyske karakter dêrfan keard hawwe.

Noch wat oars: dat Noordmans frjemdlingskip en pylgergong mei de kristlike gemeente yn ferbân bringt, betsjut net dat (yndividuele) leauwigen yn syn wurk net as frjemdlingen of pylgers oansprutsen wurde. Benammen yn preken binne dêr wol foarbylden fan te finen. Yn it artikel 'Mystiek en prediking' – mei it each op ûnder oare Efeziërs 2: 19 – skriuwt er dat it yn de ferkundiging om de oardielen fan God oer de sûnders giet. Nei syn miening hawwe se dan ek in krityske funksje: 'Zij scheiden klaar en duidelijk het recht van de zonde, de hemel van de hel, het burgerschap van de vreemdelingschap.' Yn de niiskrekt neamde meditaasje 'Ons aller moeder', dêr't it benammen yn oer de tsjerke giet, ûntbrekt it yndividuele aksint ek net hielendal. Noordmans skriuwt dan ûnder oare oer de hurdens fan de pylgergong foar elkenien persoanlik. Mar: 'Hoe 'woest en ledig' deze wereld er bijwijken moge uitzien, hoe beangstigend de 'duisternis op de afgrond' moge wezen, de Geest is geen vreemdeling op aarde en er is hier plaats voor de zegen, die van boven nederdaalt.' It is in foarbyld fan Noordmans syn pneumatologyske ynfalshoeke.

Foargongers

Under it motto ‘Foargongers’ (fan Noordmans) moat earst Augustinus neamd wurde. Dy namme falt yn Noordmans’ wurk mar ien kear yn relaasje ta it begryp ‘frjemdlingskip’, en dan ek noch sydlings. Mar dêr is noch net alles mei sein. Noordmans wie yn de jierren ’30 ien fan dejingen dy’t omtinken frege hawwe foar *De Civitate Dei* fan de tsjerkfaar, mear as foar de *Confessiones*. De stúdzje fan ‘De stêd fan God’ hat syn sicht op de relaasje tusken kultuer en keninkryk fan God gâns stimpele. It sil sa njonkelytsen net fernuverje dat Noordmans net al te posityf oer de kultuer is. Krektoarsom: hy dielt ‘de kritiek van het Evangelie op de wereld’ fan Augustinus. Yn it artikel ‘Augustinus’ skriuwt er: ‘Wij moeten nalaten de cultuur uit de geest af te leiden zonder rekening te houden met haar wortelen in de zonde. (...) De tegenstelling van hemel en aarde, waartoe de cultuurmens het Evangelie verzacht, moeten we met Augustinus laten op de volle maat van hemel en hel.’ Yn de lêzing ‘Geloof en cultuur’ seit er: ‘Wij hebben (...) iets van de augustiniaanse visie terug en daarachter van die uit het boek der Openbaring.’

Hat de opfetting fan Noordmans te krijen mei de situaasje yn de jierren ’30, oan de foarjûn fan de Twadde Wrâldoarloch? Dat sil grif ynfloed hân hawwe. Oan ’e oare kant moat sein wurde dat er him earder ek al kritysk oer de kultuer útlitten hat, ûnder oare yn in lêzing út 1928 mei de titel – en dy seit genôch – ‘Autonomie der cultuur?’. Dêr komt noch wat by. Nei de oarloch fielde Noordmans it frjemdlingskip faaks noch sterker as foarhinne. Oan in befreone kollega skriuwt er yn 1946: ‘En nu is er de nieuwe tijd gekomen, die wereldoorlog II, zoals de Amerikanen hem noemen, heeft ons als een reusachtige vloedgolf op een vreemd strand gezet. ’t Had ook evengoed het strand der eeuwigheid kunnen zijn, maar dit is nog niet gebeurd. Toch is het een andere ons wat vreemde wereld, helemaal thuis worden wij er niet meer. We begrijpen

het, als er sprake is van gasten en vreemdelingen (...)’ Hy heakket der noch wol oan ta dat de sinne op dy frjemde wrâld noch sa hearlik skine kin en dat der noch folle goeie minsken oerbleaun binne.

Yn de lêzing ‘De leer van God de Vader in de Nederlandse Geloofsbelijdenis’ bringt Noordmans it frjemdtingskip yn ferbân mei Kalvyn. Dat docht er as er it hat oer dy syn opfetting oer ‘de uiterlijke middelen, die God in dit leven de pelgrim naar de eeuwigheid heeft meegegeven, zolang hij op aarde is’.

Yn it artikel ‘Het calvinisme en de oecumene’ tsjut Noordmans kalvinisten as pylgers oan. Oars as de lutherske tsjerken, dy’t territoriaal ta stân kamen, wiene de tsjerken fan Kalvyn fakentiids sammelplassen fan flechtlingen: ‘Calvijn heeft zijn vluchtelingen-gemeenten van de bodem losgemaakt.’ Noordmans neamt de reformator sels ek in pylger. Hy naam ommers ôfskied fan de Romana. Noordmans lûkt in parallel ûnder oare mei it ôfskied fan in pylger as Abraham uit Oer, de stêd fan de Chaldeeërs. Syn gemeenten hold Kalvyn foar dat se om sizzen jaan moasten troch it Wurd. Dan soe God har it lân wize dêr’t se hinne moasten. Noordmans is ûnder de yndruk fan de betsjutting fan de reformator: ‘De greep van Calvijn is zo machtig geweest, hij heeft zulke wijde levensruimten geopend door zijn loskomen van de bodem en de traditie dat een herhaling nauwelijks mogelijk is zonder deze oecumene te decomponeren en de pelgrimshouding nog eens opnieuw aan te nemen.’

Dy pylgershâlding is noch in kear oannommen. Wannear’t Noordmans yn ‘Het calvinisme en de oecumene’ de kalvinisten as pylgers oantsjut, heakket er deroan ta: ‘zoals later de Pilgrimfathers’. Yn Noordmans’ wurk komme de Pilgrimfathers faker yn eksimplaryske sin foar. In dat ramt

moat sein wurde dat er him altiten mei in soad wurdearring oer it puritanisme útlitten hat. De oansetten dêrfoar sei er fan dat dy al troch Kalvyn jûn wiene. Sa lit er yn ‘Geloof en cultuur’ witte: ‘Calvijn heeft, met het oog op de taak in deze wereld, een terughoudende houding tegenover de cultuur aangenomen.’

Genotsucht

Moat de fyzje fan Noordmans net ta wrâldmijing liede? Yn dat ramt it folgjende. Yn de lêstneamde lêzing wiist de sprekker op de hâlding dy’t yn de earste kristentiid wol foarkaam: dat ôfstân nommen waard fan in beskate wize fan libjen en wegere waard om dêroan mei te dwaan. Yn ‘De kerk en de wereld’ hat er it oer de dopersken. Dy loeken har ek werom. Hy seit dan oer har: ‘Onze kerkelijke voorouders dachten er anders over.’ Dochs diene dy ek net oeral oan mei, benammen op it mêd fan wat er ‘het gezellige leven’ neamt. It mist net dat er dan oan de sfear yn syn âldershûs tinkt. Dy wie stimpele troch it puritanisme. Hy achtet it hiel spitich dat in soad herfoarmen hiel laks mei har eigen kristlike libbensfoarmen omgeane. Nei syn miening hat de tsjerke as mienskip, lykas in húshâlding, oarder nedich.

In wurd dat dan by Noordmans gauris falt, is aseze. De Knijff hat wiidweidich en djipgeand oer aseze by Noordmans skreaun. Neffens him komt it der by him feitlik op del ‘dat de mens zijn geschapen plaats zonder angst en reserve onder de tucht der eeuwigheid inneemt en daarbij de in het gebod gegeven grens (de woekering en grensoverschrijding van de levensdrift) niet overschrijdt. Hij staat dus letterlijk ‘midden in het leven’, *sub specie aeternitatis*, en daar moet hij blijven. Deze ethiek is een ethiek van maat en grensbesef, zij wordt bepaald door de geschapen, ja ‘natuurlijke’, positie van de mens onder het Woord van God.’ Dúdlik is, dat aseze foar

Noordmans ‘een positief en constitutief grondgegeven’ is, dy’t sels ‘charme’ hat. De Knijff biedt ek in aktuele tapassing yn ús hjoeddeistige ekonomyske wurklikheid oan. Hy seit dat ús plak om te libjen bedrige wurdt troch ekspânsjedrift. It gefaar fan libbensbedriigjende ‘demonisering’ leit op ’e loer. Neffens him binne de fraachstikken fan konsumpsje- en miljeu-etyk yn ús technokratyske tiid sûnder in fluts fan de libbensstyl dy’t Noordmans bepleitet, net op te lossen. Oft dy algemien yngong fine sil, moat neffens him betwivele wurde. De Knijff heakket deroan ta: ‘Het zal dan wel zo gaan, als het Noordmans verging bij zijn nota ‘Over de genotzucht’, op verzoek van de synode geschreven, maar als onbruikbaar verworpen.’

Yn de troch De Knijff oanhelle konseptnota, út 1946, skriuwt Noordmans dat leauwigen net oan de wrâld, mar oan Kristus gelyk wurde moatte: ‘Wanneer wij met Hem willen opstaan en de gelijkheid aan zijn heerlijk lichaam deelachtig worden (Fil. 3: 20), dan moeten wij ook zijn dood gelijkvormig worden (Fil. 3: 10). Dat betekent een rem op onze natuurlijke lichamelijkeheid, die niet straffeloos kan worden afgezet. Een christenheid die dat doet, vervalt in de diepte des Satans (Openb. 2: 24). – Wanneer de dingen zo staan, dan behoort de gemeente op dit punt uit haar slaap te ontwaken.’ Noordmans ferfolget: ‘Velen hebben er bewust aan meegewerkt de grenzen tussen kerk en wereld te doen verflauwen. Het neerhalen van iedere scheiding scheen hun winst. Moge het besef weer levendig worden dat dit lichaam der zonde en des doods bestemd is om geofferd te worden (Rom. 12: 1). Degenen die als pelgrims uit de bijbel gasten en vreemdelingen op aarde zijn, zoeken een ander vaderland, maar ook een ander lichaam. – Alleen op die wijze kan de dood zijn prikkel en de hel haar overwinning verliezen. De dood en de hel, die zich opmaken ons te verslinden. Onze

boete zal haar kracht moeten ontlenen aan een innerlijke blijdschap over onze gelijkvormigheid met Jezus' dood en opstanding. Dan zal onze wandel in de hemelen zijn.'

De fyzje fan Noordmans wurdt noch dúdliker as men syn krityk op de kultuerteology fan (A. Kuyper en) K. Schilder besjocht. Dy is te finen yn it twatal artikels 'De algemene genade'. Se foarmje in ferfolch op de lêzing 'Kritieke spanningen in de gereformeerde theologie'. Under it motto: 'Het wordt tijd dat er weer nadruk gelegd wordt – zoals reeds geschiedt in de dialectische theologie – op de negatieve zijde der algemene genade, op de rechten der ascese (...)' It wurdt te teologysk as ik der in soad fan sis. Ik behein my ta de kearn. Noordmans hat it oer 'een nieuwe godsdienstvorm'. Hy moat dan tinke oan de Deutsche Christen, 'omdat de politiek en de cultuur er de overhand zouden krijgen over prediking en geloofsleven.' Hy ferfolget: 'Wanneer dr. Schilder Jezus een 'Kerkvorst' noemt en de christenen het zuivere mensenras, dan verleent hij daarmee aan de kerk een bodemvastheid op aarde, die weinig overeenkomt met het levensgevoel van patriarchen, profeten en martelaren.' Mei oare wurden: Noordmans fynt dat it frjemdlingskip fan de hilligen troch (Kuyper en) Schilder út it each ferlern wurdt.

Unwissichheid

Ik haw it begryp 'frjemdlingskip' by Noordmans oant no ta allinnich teologysk besjoen. Men kin it ek filosofysk dwaan. De eksistinsjefilosofy komt dan it meast yn 'e beneaming. Wa tinkt dan net oan *L'étranger* van Albert Camus, út 1942. Mei it each dêrop kin men oars better fan absurdisme as fan eksistinsjefilosofy sprekke. Wylst de eksistinsjefilosofy noch in helderol foar de minske weilein sjocht, salang't er mar boppe himsels útstiicht en ûnôfhinklik sûnder de plicht ta ferantwurdung echt libbet, sjocht it absurdisme de held as ien

dy't de sinleazens fan it libben erkent en dochs trochlibje wol. Dat tema is it filosofyske ramt dêr't *De vreemdeling* fan Camus him yn ôfspilet. Ik wiis yn dit ferbân op de dissertaasje fan Lolle Nauta, *De mens als vreemdeling: een wijsgerig onderzoek naar de antropologische en religieuze betekenis van het probleem der absurditeit en de figuur van de vreemdeling in de moderne literatuur*, út 1960.

Hat Noordmans ek wat fan it absurde fan it frjemdlingskip field? Om dy fraach te beantwurdzjen, nim ik de 'Fragmenten uit brieven van O. Noordmans' oan syn bern derby, fan begjin 1944 oant begjin 1945. In wurd dat dêryn mear as ien kear foarkomt, is 'onzekerheid'. Yn de brief fan 6 februari 1944 skriuwt Noordmans: '(...) alles is onzeker. Vreemd dat men in zo'n onzekerheid leven kan. Ons leven schijnt er op te zijn aangelegd. Als wij alles wisten zou het misschien geen leven zijn. Dat was misschien de dood. Vandaag en morgen hetzelfde. Leven is telkens een nieuwe dag. Daarbij hoort geloof, want geloofsvertrouwen is aannemen wat men niet ziet en niet heeft en niet wil en niet kan en niet kent. Vreemd is zo'n bestaan en toch zal dit het leven zijn. Tenminste ons leven.' Fergelykber yn de brief fan 15 september 1944: 'Een merkwaardige tijd waarin wij haast alle zekerheid missen, voor zover die op berekening berust. De geloofszekerheid is het enige wat er over blijft. Zo werkt God toch wat de mensen afleerden. Zij bouwden op aardse verzekeringen, levensverzekeringen, zoals wij ze noemden, maar die eigenlijk doodsverzekeringen moesten heten. Het geloof is een echte levensverzekering en daarop is ieder nu aangewezen. Vreemd, als hij de verzekering aanneemt, begint hij te leven en als hij weer de aardse levensverzekering gaat beoefenen, sterft hij inwendig weer af. De dingen behouden zin niet alleen, zij krijgen zin, naarmate wij zelf de zin niet meer kunnen bepalen...' Yn de brief fan 10 oktober 1944:

‘Alles, ook wederzien, is onzeker, maar laten wij de hoop in onze reiskoffer pakken. De gedachte dat alles goed zal gaan, is bijna te heerlijk om ze te koesteren. Maar wij willen ze toch een plaats geven.’

By alle ûnwissichheid lit Noordmans it leauwe en de hoop dus net los. Sterker noch: dy bliuwe foar him oer. Sterker noch: dy jouwe him wissichheid. Yn de lêstneamde brief skriuwt er: ‘De mokerslagen Gods op de wereld en ons leven merken wij zeker wel. Ons huis schudt er van. Maar wat de stem des Geestes in het hart fluistert, wat het Evangelie predikt, dat is veel en veel zekerder.’ Yn de brief fan 13 december 1944 skriuwt er oer ‘het verlamme van dit bestaan’; hy seit dan: ‘Wij zijn en blijven in de hand Gods.’ Hij hekket der wol oan ta: ‘Maar dat geloven wij, wij zien het niet. Het lijkt alsof wij in de handen van de mensen zijn. Maar als wij het andere niet geloofden, konden wij niet leven. Welk levensbeeld zal daar later uit voortkomen? Tot nog toe heeft ons leven altijd zin gehad. Het heeft nog zin, maar de zin is dieper; wij kunnen er niet bij. Dat een mens daaronder lijdt, behoort zo. Dat is niet bepaald normaal te noemen, maar het behoort toch zo. Het kruis moet gedragen worden als kruis, niet als een peuleschilletje.’ De ûnderskieding ‘geloven – niet zien’ hat no al twa kear op it aljemint west. Dy komt ek noch yn in oare brief foar.

Yn in oare brief, fan febrewaris 1944, skriuwt Noordmans net oer leauwe en hope, mar oer teology. ‘De wereld lijkt, zoals in de bijbel staat, op een ziedende pot. Men moet zelfs oppassen met er in te kijken. Er zijn raadselen in het Godsbestuur, maar die zijn meer in de toekomst en het heden dan in ’t verleden. Je zult het met mij eens zijn, dat het verleden vol zin en betekenis is, zodat ieder graag leest in het grote boek der historie. Maar de angsten en de noden maken er een goed deel van uit. Theologiseren is niet gemakkelijk, maar

een wereld zonder theologie is een chaos. Pas als God er bij komt, komt er licht en orde. Wij zien dat licht niet altijd, maar 't is er wel en 't zal ook, op welke wijze dan ook, door deze duisternissen heenbreken. "Segen nach dunkele Nacht", zei Zwingli tegen zijn vrouw, toen hij naar de slag bij Kappel reed, waarin hij sneuvelde.'

It sinleaze

Mar hat Noordmans dan nea net twivele oan de sin fan it libben, yn absurdistyske geast? Dêr liket it wolris op, mar nea hielendal. Wer in tal sitaten. Ut de brief fan 27 desimber 1944: 'De ellende is vreselijk; het is ongelooflijk, dat dit alles over ons moet komen. Uit een oogpunt van Gods bestuur kan men het niet vatten. Het is als Golgotha, als Pasen; dood en opstanding. Het is als het Evangelie: zonder geloof is het leven als een sterven; een afsterven van het licht, van aards goed, van verwanten. Alleen het geloof leeft nog en leeft meer dan anders. Het is het laatste dat er overblijft.' Ut de brief fan begjin jannewaris 1945: 'Wij peinzen over het raadsel van het leven en van de geschiedenis. Het is een ondoorgrondelijk geheim.' Noordmans heakket deroan ta dat it Gods geheim is. Mar yn de neiere útwurking fan dy gedachte liket er net sa wis mear as yn de brieven út 1944: '(...) wij leven toch altijd enigmate in 't vertrouwen.' Fierderop: 'De oordelen Gods gaan over ons heen en wij weten nauwelijks hoe wij ons daar onder moeten houden. Wij zijn verbijsterd en weten haast niets te denken en te zeggen. Het gaat boven ons uit, heel ver. Wat zal daaruit voortkomen? God weet het, dat is zeker.' Ut de brief fan 10 jannewaris 1945, nei't Noordmans sein hat dat er de druk frijwat fielt: 'Het laat zich niet verklaren uit het Godsbestuur. Van die kant – de theodicee, zoals dat heet – krijgt men geen bevredigende oplossing. Men moet meer naar de diepte afsteken. De rust komt meer als men er aan denkt,

dat deze wereld onder het oordeel staat van het Koninkrijk der Hemelen. Deze wereld kan eigenlijk niet bestaan, althans niet standhouden. Bestaande toestanden zijn nooit goed. Het leven moet telkens door de dood heengaan. Onze tijd is in zijn geheel een soort dood. Maar zonder dood is er geen opstanding.’ Fierderop: ‘Dat God op een ontzagelijke wijze met ons bezig is, voelt iedereen. Op een of andere wijze ook wel, dat God het is, die met ons bezig is.’

Nee, Noordmans hat nea net hielendal twivele oan de sin fan it libben. Ik lês foar wat er yn de brief fan 26 januari 1945 skriuwt: ‘De wereld heeft altijd zin gehad en zal dat blijven houden. De figuren, die het meest naar voren komen, zijn profeten, apostelen, kerkvaders. Zij gaven het meeste gehalte aan het denken van ons geslacht. Wie zegt, dat de wereld geen zin heeft, wil zeggen, dat geen-zin-hebben de zin der wereld is. Dat is ook een soort zin-geving, maar een negatieve. Het is te dwaas om los te lopen, uit de geschiedenis straalt ons veel zin tegemoet. Als wij er midden in staan, is het minder gemakkelijk te zien. Althans minder gemakkelijk dan een wiskundige stelling. De zin ligt veel dieper. Er komt kennis en lijden bij te pas. Geloof, hoop en liefde. De liefde is bereid offers te brengen voor de zin der wereld. Het intellect doet dit niet. Daarom kan het de zin van de wereld ontkennen. Het heeft bezwaar om te dienen en te lijden. Het is hoogmoedig als de liefde er niet bij komt. Dat wil de zin der wereld kennen zonder offer. En daarvoor is de zin te diep. Hij wil gedolven worden. De profeten en apostelen hebben het offer altijd gebracht en Jezus het allermeest. Zo is de zin der geschiedenis, kruis en opstanding aan het licht gekomen. Die zin wordt gepredikt als een Evangelie aan armen van geest, treurigen, zachtmoedigen, en zij worden er door geholpen. Ik vind de redenering van de mensen, die zeggen, dat God zichzelf zoekt en dat de wereld een eenheid is, monisme, altijd

zeer oppervlakkig. 't Is denken en geen dienen. Mensen als John Mott, Kraemer, zendingsmannen, die de wereld willen helpen, houden er niet van. In de 19^e eeuw was er veel monisme, spinozisme, maar de 20^e komt zulke dingen te staan, dat deze koele wijsheid niemand helpen kan. Alleen het Evangelie kan dat doen. Je kunt dus zelf kijken hoe die dingen staan. Je kunt het zelf opmerken.'

Deselde tematyk komt oan 'e oarder yn de meditaasje 'Onze ware existentie', oer Markus 16: 1-8, it Peaskeferhaal. Dy begjint Noordmans sa: 'Wij kunnen ons leven op aarde op twee manieren opvatten. In de eerste plaats kunnen wij doen alsof wij hier zijn neergegoid, zoals een parachutist uit een vliegtuig. Wij zijn hier dan *geworpen*, zoals dat tegenwoordig heet. En wij moeten dan uit de toestanden en de dingen waarop onze gedachte in haar naaste omgeving stoot, maar opmaken waar wij zijn en wie wij zijn. Wij zullen dan zelf een verklaring van ons bestaan moeten geven en er wat van moeten zoeken te maken.' Noordmans seit dan dat wy nea op ús eigen ûnderfiningen allinnich oanwiisd binne. 'Steeds zijn de herkenningen ons beste deel. En deze laatste hebben betrekking op openbaringen, die boven ons eigen bestaan uitgaan.' De ferkundiging fan it Peaske-evangeelje neamt er 'de machtigste daarvan'. Hy wurket dat fierders út om ôf te sluten mei de opmerking dat wy ús net ûntklaaie hoege fan ús mooglikheden, ús langsten, ús ferwachtingen. Mei Newman seit er dat dy ús meitsje ta wat wy binne: 'kinderen der opstanding'. Want 'de bazuin geeft geen onzeker geluid: *Christus is opgestaan!* Daarin ligt onze ware existentie.'